

'Frysk & Frij foldocht mar oan ien ding net'

Bestjoer Stifting Jacobus van Loon:

LJOUWERT - It bestjoer fan de Stifting Jacobus van Loon, útjouwer fan Frysk & Frij, hat yn in brief oan de Steaten en de Steatekommisje Wolwêzenssaken protestearre tsjin it foarstel fan Deputearre Steaten om mei yngong fan 1 jannewaris 1989 de provinsiale subysdzje foar it wykblêd yn te lûken. Frysk & Frij hat dy f 150.000 mear as nedich. Boppedat is it útstel folslein yn striid mei it taalbefoarderingsbelied fan de provinsje, ornearret it bestjoer.

De kwaliteit fan Frysk & Frij waard yn 1987 oer alle boegen better: de lay-out waard bygelyks moderner, der kaam mear ferskaat oan rubriken en der waarden ek gâns mear opiniearjende stikken opnommen. De krante kaam fan sechtsjin op tweintich siden. Frijwilligers foar de administraasje en it setten krije allinne de reiskosten fergoede, wylst de skriuwers en skriuwsters swier ûnderbetelle wurde moatte, sa skriuwt it bestjoer.

Foar it earst sûnt jierren is yn 1987 it tal abonnees tanommen. Yn 1976 wiene der 7109 abonnees en dat tal is stadichwei tebekrûn oant 4850 yn 1986. De telling op 23 desimber 1987 joech 4993 beteljende abonnees oan by in oplaach fan 5700. Frysk & Frij foldocht mar oan ien ding net: yn 1983 hawwe Deputearre Steaten de eask steld dat der oer trije jier op syn minst sântûzen abonnees wêze moasten. Mei deputearre drs. Jaap Mulder hat it bestjoer lykwols yn 1985 in ôfspraak makke, jildend oant en mei 1988, wêryn it tal fêste abonnees op 'fiif-tûzen of mear' steld waard.

Ferlike mei oare Fryske tydskriften hat Frysk & Frij fierwei it grutste tal lêzers en ferskynt it ek it faakst. Dêrmei is it wykblêd yn it ramt fan de befoardering fan it Frysk taalgebrûk in ûnmisber elemint. Yn ferliking mei Hollânske wykblêden liket de oplaach fan Frysk & Frij fan 5500 eksimplaren noch net sa gek: De Tijd hat bygelyks in oplaach fan 38.000 en Vrij Nederland 90.000, seit it

suringsbestjoer.

Ek wurdt oanfierd dat Frysk & Frij it iennichste medium oant no ta is dêr't op sa'n grutte skaal yn it Frysk yn advertearre wurdt. It wykblêd skept dêrtroch in Fryske advertinsjetaal dy't der net wie. De ynkkomsten út de advertinsjes binne de lêste jierren hieltyd omheechgien: fan f 73.068 yn 1984 oant f 129.984,62 per 23 desimber 1987. It bestjoer is dêr wol oer te sprekken, omt it blêd yn 'e eagen fan gâns advertearders eigentlik net sa'n oantreklik advertinsjemedium is en omt Hollânsktalige teksten troch de akwisiteur net akseptearre wurde.

Op 21 desimber is der in wurkgroep oprjochte mei de namme: „Frysk & Frij moat der bliuwe”. Dat is dien troch de neifolgende persoanen: Heine Keuning fan De Rottefalle (foarsitter), Geert Vledder út Grou (kontaktpersoan), Clara de Boer-de Jong, Ljouwert; B. Hylkema-Miedema, Gaast; Durkje Rienks-Wallinga, Ljouwert; Dick Eisma, Aldehaske; ds. Tsjerk Jelsma, Drachten; Jan de Jong, Snits; Jan Jongsma, Burgum; Bertus Postma, Hallum; B. Postma, Ljouwert en dr. Anne Wadman, Snits. Ophâlden fan de subysdzje betsjut it ferdwinen dan it iennichste Frysktalige wykblêd en dat is folslein yn striid mei taalbefoarderingsbelied fan de provinsje, sa seit de wurkgroep.